

Fryske Krite Hoarn “Troch de Tael Forboun”

Ynhald

oktober 2022

Oan ús kriteleden en freonen	2
Ledeberjochten	4
Ferlotting en tagongsprizen	5
Gjin C te heech	6
Gedicht	8
Koart ferslag fan de jiergearkomste	9
De wurklist winterskoft 2022-2023	10
Frysk folksliet	11
Bestjoer Fryske Krite Hoarn	12

Kvk. Nummer: 5324 1274

Rabobank rekken: NL54 RABO 0162 2705 77

Lid fan It Frysk Boun om Utens

www.fryskbutenfryslan.frl

Bêste kriteleden en freonen fan de krite.

Wat fljocht de tiid mei dit moaie hjerstwaar.
En samar komt ús earste grutte jûn op 29 oktober
dan yn sicht. It bestjoer fan de Fryske Krite "Troch
de Tael Forboun" noegjet jimme allegearre út om
nei de Huesmolen yn Hoarn to kommen. Nim
freonen en goekunde mei nei in fleurige kabaretjûn.
Noordenbos en Ko nimt ús mei: Hurde wyn , wylde
weagen, heech wetter, gjin C te heech.

Se sjonge fan de moaie loftten, de waarme see,
de stilte fan it Waad. Hoe moai litte se Fryslân sjen
mei harren kabaret. Hoe moai is dit allegearre.

Se soene 26 maart komme, mar doe wie corona
baas oer harren pianist. En wat is kabaret sûnder
pianist.

We geane der fan út dat corona ús no foarby giet.
Lokkich koe de jûn trochgean mei in moaie film oer
de gouden Swipe. In bon foar in drankje, gjin
tagongspriis. Mar in protte lotten ferkocht. Dat alles
makke it ta in fleurige jûn haw ik heard. Want ek de
foarsitter wie, lykas de siktaris, thús mei corona.
It is prachtich dat oare bestjoersleden dat opfange
kinne. Sa sjocht men mar wer ,der is gjinien
ûnmisber.

Op 23 septimber hiene wy in gesellige
ledegearkomste. Spitich dat der net safolle minsken
wiene, mar it wie ek striemin waar.

Nei it skoft hawwe wy trije rúntsjes Frysk bingo
spile. Hiel noflik mei moaie priiskes.

En no sjogge wy út nei 29 oktober. It is prachtich dat wy altyd sokke moaie jûnen hawwe. In moaie tafel mei prizen en de oranjekeoken altyd yn de belangstelling.

It wurd alles mei soarch útsocht en jimme binne goede lotten keapers. Der binne wy bliid mei. As ik dit dan sa oan it skriuwen bin, krij ik hieltyd mear sin oan ús moaie Fryske jûn. Ik hoopje jimme ek mei it lêzen fan dit stikje.

Der binne altyd guon minsken dy't om it ien of oar net komme kinne. Dat is spitich. Mar "hâld moed", der wurd oan jimme tocht.

Mei waarme groetnis ,
Tiny Dijkstra de Vries



Ledeberjochten

Op 9 april 2022 wie it **60 jier** ferlynd dat ús leden **Popke en Sjoerdsje Slange** boaske binne.

Op 3 juni 2022 is ús âld foarsitter, **Eppy Kloezen**, ferstoarn.

In deimannich letter is ús lid **Wabe Schaper** ferstoarn

De hear **D. Timme** (Hoorn) en frou **J. Frankena - Brussel** (Grootebroek) binne lid wurden fan 'e krite. Dat jimme jim gau thús fiele by de krite.

Nij lid wurde yn 2022 / 2023 ?

Wat kriget men dêrfoar ?

De libbene krite "Troch de Tael Forboun" organisearret troch de jierren hinne in moai programma foar it winterskoft. In toanielstik, kabaret of in sprekker oer de Fryske kultuer of skiednis. Trije kear op sneontejûn en in kear op freedtejûn mei in sprekker.

De leden binne grutsk op it yn stân hâlden fan de Fryske Taal. Derom hoopje wy dat noch in tal minsken lid wurde.

Wa nimt in freon of freondinne mei yn oktober?

Ferlotting en tagongsprizen

Lidmaatskip en tagongsprizen:

It lidmaatskip foar ien persoan is 15,00 euro foar in hiel jier (It krite jier rint fan juny oant ein maaie). Op de grutte jûnen is de tagongspriis foar leden 5,00 euro en foar **net leden 12,50 euro** mar de lytse jûn is fergees. Opjefte foar it lidmaatskip kinne jo dwaan by de ponghâlder , de hear P. Slange

De sealpriis op de grutte jûnen:

Jo kinne dizze sealpriis winne as jo yn 'e seal sitte op ien fan ús grutte jûnen. By de yngong krije jo in nûmer dat kâns jout op dizze sealpriis.

De ferlotting yn it skoft:

Yn it skoft fan de grutte jûnen wurdt der in ferlotting hâlden. De prizen bestean meastentiids út in blomke, oranjekoeke, fleske wyn of oare aardichheden. Jo kinne yn it skoft lotten keapje foar 5 euro en dan krije jo 10 lotsjes fan elk 50 eurosint it stik. Altyd priis by de keap fan 10 lotsjes.

Autoferfier:

Leden dy't yn Hoarn, Blokker en Zwaag wenje en autoferfier nedich ha, kinne kontakt opnimme mei ús skriuwer de hear Vogel (yellowbirds53@gmail.com).



“ GJIN C TE HEECH ”

**Hurde wyn, wylde weagen, heech wetter,
Foar Noordenbos en Ko giet gjin see te heech!**

**De moaie loftten, de waarme sinne,
de stilte fan it waad...**

**Dat alles joech ús ynspiraasje en sjongnocht!
Mei teksten en muzyk fan eigen boaiem
en in knypeach nei ‘Toppers van toen’**

Spilers:

Aline v.d. Wey- Struiksma

Renie Zuiderveld

Janneke Themmen-Westra

Klaske Kingma- Noordenbos

Oan 'e piano Pieter Jelle v.d. Laan

Lûd: Lourens Koldijk.



Novimber

fallende blêden
oerein fleanende firussen
kleurje eltse dei de ierde

in krêft mjittende see
en in kreunjende natuer
oerstige har grinzen

jouwe se noch
in kromke tiid en romte
oan har ûnnoazele bewenners

it kin dochs net sa wêze
dat wy net troch hawwe
wat bewarjen en bewurkjen ynhâld
Aukje Wijma



Koart ferslach fan de jiergearkomste fan 23 septimber 2022.

We kinne weromsjen op in noflike jûn. Neist it net hielendal foltallige bestjoer wiene mar 10 minsken op dize reinige jûn nei de Huesmolen kaam.

De foarsitter iepent de jûn mei in weromsjen op 'e ôfrûne tiid. Dizze wike de begraffenis fan de Queen yn Londen en Prinsjesdag in dei letter yn De Haach. Yn it foarjier waard op de leste grutte jun de film "De Gouden Swipe" draait om't kabaretselskip Noordenbos & Ko net komme koe fanwegen dat ien fan harren minsken corona hie. . De grutte jun yn jannewaris gie net troch fanwegen corona maatregels fan it regear. Lokkich koe de lytse jûn mei de hear Kamstra wol troch gear. De 1e grutte jun , ein oktober, wie tige slagge mei "Doazen" fan it Akkrumer Dream Theater. We fierden doe ek dat de krite 110 jier waard.

We betinke it ferstjerren fan Eppie Kloezen en Wabe Schaper.

Dernei rinne we flot troch de wurklist hinne. It bestjoer feroaret net. Der binne gjin minsken neamt om in sit yn it bestjoer te nimmen sadat Tiny en Jan op en nij ynhierd wurde. Tiny earst foar in jier. De ponghâlder hat syn best dien en

is er yn slagge om noch in pear sinten oer te hâlden. De rekkenopnimmers hawwe Popke net op flaters betraapje kinnen. Foar de earste twa grutte jûnen binne selskippen ynhierd. De leste grutte jun is op **freed** 24 maart 2023. Nei it skoft spylje we trije spultsjes Frysk Bingo mei skoandere prizen.

De wurklist foar 2022-2023 sjocht d'r sa út:

21 jannewaris 2023	Toaniel fan Pro Rege mei "Yn 'e Keetring"
17 febrewaris 2023	lytse jûn:.....
Freed 24 maart 2023	3 ^e grutte jûn:

FRYSK FOLKSLIET

Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede.
En bûnzje troch ús ieren om!
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde.
It Fryske lân fol eare en rom.
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Trochloftich folk fan dize âlde namme,
Wêz jimmer op dy âlders great!
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme,
In grien, in krêftich bloeijend leat!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!



Bestjoer Fryske Krite Hoarn

- Foarsitter: Tiny Dijkstra – de Vries
Till.: 0227-501050
e-mail: ak.dijkstra@quicknet.nl
- 2^e Foarsitter: Douwe Hoekstra
Till.: 0229-211749
e-mail: ddhoekstra@kpnmail.nl
- Ponghâlder en Lede- administraasje: Popke Slange
Till.: 0229-234881
e-mail: p.slange@outlook.com
- Skriuwer: Jan Vogel
Till.: 0229-234012
e-mail: yellowbirds53@gmail.com
- Oare bestjoersleden: Renske Nauta-Haagsma
Till.: 0229-237267
e-mail: dirkrenske@gmail.com
- Harmke Burggraaff – Adema
Till.: 0229-238284
e-mail: harmke.burggraaff@quicknet.com
- Eareleden: De hear Popke Slange .

Bank: NL54 RABO 0162 2705 77 Fryske Krite Hoarn